

Mattéus 25: 14-30

*14 Want lykas in man dy't om utens soe – dy rôp syn neiste slaven en droech wat er hie oan harren oer. 15 En de iene joech er fiif talinten, de oare twa, wer in oaren ien, elk neffens syn eigen mooglikheden, en hy gie om utens. 16 Fuortendaliks gie deselde dy't fiif talinten krige hie op 'en paad om dêrmei te hanneljen, en hy fertsjinne nochris fiif. 17 Krekt-en-gelyk fertsjinne dy mei twa nochris twa. 18 Mar deselde dy't it iene krige hie, gie fuort om in gat yn 'e grûn te dollen, en dy ferstoppe it jild fan syn hear. 19 En nei gâns tiid kaam de hear fan dy slaven en hold rekkendei mei harren.*

*20 En deselde dy't fiif talinten krige hie, kaam om nochris fiif te bringen mei de wurden: Hear, fiif talinten hawwe jo my oerjûn. No sjoch, nochris fiif talinten haw ik fertsjinne. 21 Syn hear sei tsjin him: Moai sa, goede en fertroude slaaf! Oer in bytsje koe ik op dy oan, oer frijwat sil ik dy oanstelle. Kom mei nei it feest fan dyn hear. 22 Deselde mei twa talinten kaam ek, om te sizzen: Hear, twa talinten hawwe jo my oerjûn. No sjoch, nochris twa talinten haw ik fertsjinne. 23 Syn hear sei tsjin him: Moai sa, goede en fertroude slaaf! Oer in bytsje koe ik op dy oan, oer frijwat sil ik dy oanstelle. Kom mei nei it feest fan dyn hear.*

*24 Mar deselde dy't it iene talint ûnder him hie, kaam ek om te sizzen: Hear, ik haw jo kennen leard dat jo in hurd man binne, ien dy't rispet dêr't jo net siedde hiene en ien dy't byinoar bringt dêr't jo net útstruid hiene, 25 en omdat ik bang wie, bin ik fuortgien om jo talint yn 'e grûn te ferstopjen. No sjoch, hjir hawwe jo jo eigen. 26 Mar syn hear antwurde him: Ferkearde slaaf en bangeskiter dy'tste biste, do wist dat ik rispje dêr't ik net siedde hie en byinoar bring dêr't ik net útstruid hie? 27 Dan hiesto dus myn sinten by de bankminsken stoarte moatten, en dan wie ik wol kommen om myn eigen mei rinte op te heljen. 28 Dat, krij him it talint ôf en jou it oan dy't de tsien talinten hie. 29 Want elk dy't wat hat, kriget derby, en hy sil oer hawwe, mar dy't neat hat, sels wat er hat sil him ôfkrige wurde. 30 En smyt dy slaaf dêr't ik neat mei kin yn it tsjuster bûtendoar. Dêr kin dan skriemd wurde en toskekmarst.*

Op 'en nij in gelikenis dy't giet oer de ferantwurdlikheid fan it leauwe en de ferantwurdiging dy't dêroer frege wurde sil, bekend as de gelikenis fan 'e talinten.

Troch dizze gelikenis kenne alle westerske talen it wurd 'talint' foar in 'jefte', in mooglikheid dy't wy yn it libben krige hawwe sûnder dat wy dêr wat foar hoegden te dwaan. Yn 'e Bibel is in talint lykwols de oantsjutting fan in jildbedrach, of eins sels in gewicht: in talint sulver of in talint goud. De BGT hat dat bygelyks dúdlik makke troch de fiif talinten oer te setten as 'een miljoen'. Ik haw der dochs foar keazen om it 'talint' gewoan stean te litten. Dat it om in jildbedrach giet, blykt wol út fers 18. Wat der mei it talint yn 'e gelikenis bedoeld wurdt, is part fan 'e útlis.

âlde en nije tiden, âlde en nije wurden

In punt fan omtinken by bibeloersetten is altyd, yn hoefier oft jo 'âlde' wurden noch wol of net brûke kinne. Sa wurde de 'slaven' út dizze gelikenis ek gauris as 'ûnderhearrigen' (NFBO; dus sis mar: personiel) of as 'dienaren' (NBV en BGT) oantsjut. Mar yn 'e tiid fan 'e Bibel bestie der no ien kear slavernij, en elk wit ek wol sawat wat der mei it wurd 'slaaf' bedoeld wurdt. Ek al wie de posysje fan slaven yn 'e Aldheid noch wol in bytsje oars as dy fan de slachtoffers fan it koloniale ferline fan West-Europa, ik haw it wurd dochs stean litten. Oan 'e iene kant koe in slaaf aardich selsstannich optrede, sa't út dizze gelikenis ek bliken docht, oan 'e oare kant wied er wol eigendom fan syn hear.

Wat moatte wy mei wurden as 'rispje' en 'byinoar bringe'? Dy wurden komme dúdlik út in agraryske sfear, dy't in protte minsken fan dizze tiid net mear eigen is. Oan 'e oare kant liket it 'rispjen' dochs in fêst plak yn it Frysk as kultuertaal krige te hawwen. Gjinn minske rispet hast mear, mar elk wit wol dat it Hollânske 'oogst' yn it Frysk in 'rispinge' is. En de oerheid warskôget ús sels mei grutte spandoeken yn 'e tiid fan it mais- en biteriden dat it 'risptiid' is, dus mooglik drek en

modder op 'e dyk! 'Risperstiid' soe ik better Frysk fine, mar ik woe mar sizze: it wurd is bekend, en ik haw it dus ek yn dizze gelikenis mar al brûkt. It 'byinoar bringen' dêr't men net 'útstruid' hat, jildt itselde foar: eins binne it gjin drege wurden, it is mear byldzjend taalgebrûk. De bange slaaf brûkt wakker moaie wurden om twa kear itselde te sizzen!

Dan binne der de 'bankminsk', dy't yn in protte oersettings gewoan 'de bank' wurden binne (byg. NFBO, NBV, BGT). Mar banken wiene der yn dy tiid noch net! Men koe wol jild liene en útlene, mar dat wie altyd by priveepersoanen. Guon makken dêr har deistich wurk fan, en sieten deis efter in jild- of wikseltafel: jo koene dan de iene muntsoarte foar de oare omwikselje (krekt as de jildwikselders yn 'e timpel), mar jo koene ek jild liene of útsette. De rinte waard by elke transaksje op 'en nij fêststeld. Yn it Gryksk brûkt de hear in wurd dat safolle is as 'taffeltsjelju': de minsk dy't sa'n 'jildtafel' beheare. Sa'n wurd soe fansels ûnbegryplik wêze. Ik haw lang om let mar keazen foar 'bankminsk', om oan te jaan dat it net om in ynstitút giet, mar om persoanen. Meskien soe 'jildmannen' noch wol better wêze.

krije, hawwe en hâlde

Fierders jout it oersetten fan dizze gelikenis net safolle swierrichheden, op in pear lytse details nei, dy't wer te krijen mei it 'aspekt' fan it Grykske tiidwurd.

It is dúdlik dat der trije slaven binne, en alle trije *krije* se in bedrach oan jild. Mei ien en itselde tiidwurd ('joech') wurdt dat yn fers 15 koart beskreaun. Dêrnei wurdt oanjûn, wat de trije dermei dogge (16-18). Wy sjogge dan twa kear krekt deselde foarm foar 'dy't krige hie' - by de middelste slaaf wurdt it tiidwurd weilitten. Dan komt de rekkendei, en dan bart der wat aparts: wy sjogge wer twa kear dyselde foarm 'dy't krige hie' by de earste beide slaven, mar by de tredde slaaf stiet itselde tiidwurd ynienen yn in oar aspekt! Fan 'e earste twa wurdt allinnich it *feit* oanjûn dat se it jild krige hawwe (20 en 22), by de tredde wurdt lykwols de *tastân* oanjûn: dy tredde slaaf hat it jild net allinnich *krige* - hy *hat* it noch altiten *ûnder him* (24) - en dat wriuwt de hear him ek goed yn!

It aparte is, dat dy wiksel fan 'aspekt' yn gjin inkelde oersetting dy't ik fine koe werom te finen is. Foar de grutte line makket it fansels ek net folle út. Mar it is wol in stikje fertelkeunst dat te moai is om wei te wurden, en it jout hiel subtyl oan dat wat wy fan God *krije*, net bedoeld is om te *hâlden* ...

En dan is der noch sa'n plak yn fers 28, dêr't it iene talint jild oan 'e earste slaaf jûn wurdt. Mar hoe wurdt dy krekt oantsjut? Alle oersettings dy't ik ken hawwe safolle as 'dy't de tsien hat'. Mar stiet dat der wol? En kloppet it wol? Dy earste slaaf hie dochs syn tsien talinten wer oan 'e hear weromjûn? Hjir is it ek wer de muoite wurdich om sikuer nei it tiidwurd te sjen: de *tiid* wurdt net oanjûn, mar it *aspekt*. Yn dit gefal is dat net it *feit*, ek net de *tastân*, mar dat dy earste slaaf it jild *in skoft lang* yn syn besit hat of hie. Mei oare wurden: de earste slaaf *hie* op it lêst in skoft lang tsien talinten yn behear, en dy hat er weromjûn.

Faak stelle wy ús ûnbewust foar, dat de slaven it jild hâlde meie by wize fan beanning. Mar dat giet tsjin 'e bedoeling fan 'e gelikenis yn: de slaven binne by einsluten *slaven*, en se libje fan de rykdom fan har hear, en op it feest hoege se de drankjes net mear te beteljen. De iene slaaf kriget dus dat lêste talint net as ekstra beanning (wat wy dan wer sneu fine soene foar de twadde, dy't ommers ek goed syn bêst dien hie), mar as ekstra opdracht: dat lêste jild, dat dêr altyd yn 'e grûn lein hat, moat ek noch wat mei dien wurde, en wa kin dat better dwaan as dy't op it lêst tsien talinten *hie*?